

In kleaune minsken

Koos Tiemersma - Froon Akker

Einum E-book, te keap op www.froonakker.nl. 272 s., €4,95

Dit is Einum: in streekje huzen, in pleats, in loads, in âld skoalle. In doarp fan neat mei útsicht op it Waad, op it útein fan Fryslân. Einum is lykwols net in yn 'e tiid bestjurre doarp, der bart in soad. Sa is yn de loads in himpkwekerij ûnderbrocht en in webshop mei seksartikelen. Op it eardere skoalplein wachtet in iensume strúnjager, yn in greide wurdt in geit deaslein en in lyts fûgeltsje fleant hielendal fan Kanada nei it Waad. Yn Einum fynt men minsken dy't mei it doarp fergroeid binne, mar ek ymport. Casper Bosch bygelyks, dy't sa fier mooglik fan Limburch ôf wenje woe. De Gestusters Pasveer binne echte doarpstypen en hienen eartiids in kafee mei Hells Angels as klanten. Achttjin kear hallet de skriuwer ien fan dy doarpslju nei foaren en elke kear jout er dan in nijsgjirrige karakterskets fan dy tige fan inoar ferskillende figueren. Dêrta brûkt er in opfallend fernimstige skriuwstyl, wêrby't yn ien stream petearen, tinzen en hannelingen mei inoar ferbûn wurde. 'Dus wer net, hûnt Lidy sûnder him oan te sjen, bist gewoan te skiterich, jou mar ta, fansels hiest och lit ek mar sitte, in fleanop-hân foarmet

it einstasjon foar har ûnfrede mar Roan wit dat der in ferfolch komme sil, der is altyd in ferfolch (..) hy ferflokt har gelyk want hy is in skiter al sil er it noait tajaan, noait.'

Mei dy linige styl wurde de betizingen fan in deminte frou ('al dy personaazjes dy't yn elkoar oerrinne, in kleaune minsken en allegearre raze se om oandacht') like maklik as de soargen fan har man werjûn. Alle persoanen krije op eigen wize har gerak. Bytiden is de skriuwer direkt, dan wer hoeden. Lang net alles komt foar 't ljocht, mar altyd genôch om de oandacht fan de lêzer fêst te hâlden. Betûft wurde kluchtige situaasjes ôfwiksele mei echte dramatyk. Guon fan de figueren reitsje it paad bjuster, oaren nimme it heft yn eigen hân.

Neist de styl is ek de opset fan de roman bysûnder. Elke persoan stiet mar ien kear sintraal yn in haadstik, al komme de measten wol yn oare rollen werom. Dêrmei is it risiko libbensgrut dat it ferhaal slim fragmintarysk bliuwt. De skriuwer hat lykwols in tal aardige ferbiningen oanbrocht, dy't it ferhaal spannend hâlde en fan it boek in ienheid meitsje. De seirus noveboracensis mei syn roaze poatsjes docht sines derta.

DOEKE SIJENS



Koos Tiemersma

FOTO LC/SIEP VAN LINGEN